

In rûgel wyt

Gedichten fan Robert Frost

Seleksje & oersetting
fan Abe de Vries

In rûgel wyt. Gedichten fan Robert Frost ferskynt as frij del te laten e-book.
In seleksje is dien út it oeuvre fan de dichter.
Copyright 2019, Abe de Vries, Aldsyl.
De orizjinelen binne om reden fan auteursrjocht net opnaam.
Opjefte fan boarnen achteryn.

*Al earder as juster wist ik wat wie
Novimberleafde oer it hear,
Noch foar it fallen fan de snie,
Mar idel wie 't, en sis 't yndie:
Sa gun foar 't priizgjen har de ear.*

Ynhâld

<i>Ghost House / Spoekhûs</i>	1
<i>My November Guest / Myn gast yn novimber</i>	2
<i>A Late Walk / In lette kuier</i>	3
<i>Mending Wall / Muorremeitsje</i>	4
<i>After Apple-Picking / Nei 't appelploekjen</i>	5
<i>The Wood-Pile / De houtsteapel</i>	6
<i>Good Hours / Goede oeren</i>	7
<i>The Road Not Taken / It net nommen paad</i>	8
<i>An Old Man's Winter Night / Winternacht fan in âlde man</i>	9
<i>Hyla Brook / Hyla Brook</i>	10
<i>Birches / Bjirken</i>	11
<i>A Girl's Garden / In tún foar in famke</i>	13
<i>Locked Out / Bûtensletten</i>	15
<i>The Census-Taker / De sensus-amtner</i>	16
<i>In A Disused Graveyard / Op in hôf yn ûnbrûk</i>	18
<i>Dust Of Snow / Rûgelsnie</i>	19
<i>The Aim Was Song / It doel wie sang</i>	20
<i>Stopping By Woods On A Snowy Evening / Stilstean by wâld op in sniege jûn</i>	21
<i>A Brook In The City / In stream yn 'e stêd</i>	22
<i>Looking For A Sunset Bird In Winter / Sykje om in winterfûgel tsjin 'e jûn</i>	23
<i>The Need Of Being Versed In Country Things / De needsaak fan ûnderfining bûtenút</i>	24
<i>Acquainted With The Night / Kunde oan de nacht</i>	25
<i>On Looking Up By Chance At The Constellations / Oer 't tafallich opsjen nei it stjerte</i>	26
<i>Two Tramps In Mud Time / Twa swalkers yn 'e moddertiid</i>	27
<i>In Times Of Cloud Burst / Yn tiden fan wolkbrek</i>	29
<i>Not Quite Social / Net hiel sosjaal</i>	30
<i>Iris By Night / Iris yn 'e nacht</i>	31
<i>Come In / Kom deryn</i>	32
<i>The Quest Of The Purple-Fringed / De tocht fan de pearskefersierden</i>	33
<i>Directive / Oanwizing</i>	34
<i>An Unstamped Letter In Our Rural Letter Box / In net fersegele brief yn ús rurale brievebus</i>	36
<i>The Draft Horse / It wurkhynder</i>	38
<i>Opfjefte fan boarnen</i>	39

Spoekhûs

Ik wenje yn in iensum hûs en 'k wit,
't Ferdwûn foar mannich simmers stik;
It liet gjin spoar as kelderstien
Fan in kelder mei deiljocht te lien,
Dêr't pearzich-wyld de hinnebel skikt.

Ferrinnewearre is 't wyngertschild,
't Lit wâld oer komme nei 't meandersfjild;
In boskje waard de beam mei frucht
Fan nij hout en âld foar de pik fan de spjucht;
Op 't rinpaad nei de put is 't stilst.

Ik wenje mei in swier hert nuvere sear
Yn dat âlde ûnderkommen fan begear,
Oan dy ôfdiene en ferjitten dyk,
Gjin stofbad mear foar de kikkertslyk.
Nacht falt; dan skeart en tûmelt de mûsear;

It nachtsweltsje komt mei syn skreau
En swijt en kikt en wjukkelt syn reau:
Ik hear him al fan fierren gear,
Syn sechje kin ik faak wol ferstean
Al foar't er it seit en ik him leau.

It is ûnder de swakke, tinne simmerstjer.
Ik ken net it swijend folkje dêr
Dat neist my yn it dûnker sit –
Op 'e stien by 't delbûgd beamke stiet
Grif de namme foar as 't moas bedjert.

It is rêstleas folk, net sa foarnaam –
Mar twa, inoar nei, binne feint en faam; –
Net ien dertusken, dy't oait ris sjongt,
En dochs, mei 't each op safolle dat pronkt,
Gjin better maten hjir fine de daam.

Myn gast yn novimber

Myn searste, as se hjir is mei my,
Mient dizze hjerstigers mei rein
Jout moaier dei har noait derby;
't Fertiigjen, dat fielt en leavet se opnij;
Se rint oer 't wiete gers nei leansein.

Se hâldt myn selskip oan foar de sier.
Se praat en ik notearje graach:
Sy is bliid om't fûgels flechten fier,
En om't har trochsneed grize hier
Ferskynt yn 't sulver fan har staach.

De lege, treasteleaze beam,
De skiere grûn, de loft as laai,
Dy skjintmen binn' har net in dream,
Sy mient as kin 'k se net ferstean,
En ferget en freget my dernei.

Al earder as juster wist ik wat wie
Novimberleafde oer it hear,
Noch foar it fallen fan de snie,
Mar idel wie 't, en sis 't yndie:
Sa gun foar 't priizgjen har de ear.

In lette kuier

As ik de skeante oprin troch it meande fjild,
Dan leit it hea ferspraat,
As lykstrutsen dakreid yn 'e tsjûke dau,
Fierhinne oer it tûnpaad.

En as ik by it fergiele tûnstik kom,
Is it lûd fan in wipsturt,
Omheech út 'e tiis fan 't fertige gers,
Wol treuriger as elk wurd.

In keale beam hâldt oan by it stek
En in blêd yn treuz'lich brún,
Fersteurd, tink ik grif, troch myn tins,
Falt risselsêft yn 'e tûn.

Ik ein net fier fan dêr't ik weikom
En pluk 'r it skierblau by
Fan de lêstoerbleaune aster yn bloei,
Om wer te bringen nei dy.

Muorremeitsje

Der is eat dat net fan in muorre hâldt;
Dat tining fan froastgrûn derûnder stjoert
En yn 'e sinne de boppeste flinten bakt
En gatten slacht mei romte sels foar twa.
It wurk fan jagers is in oare saak:
Ik folge har en haw reparaasjes dien
Dêr't net in stien dan op 'e oare bleau,
Want út syn skûlplak jeiden sy it knyn,
Foar hûnen har wille. De gatten dy 'k bedoel,
Net ien dy't in dieder dwaande hearde of seach;
Mar maityds treffe wy har dêr wer oan.
Ik doch myn neiste buorman altyd berjocht
En op in dei ferfolje wy ús plicht
En sette tusken ús de muorre opnij.
Wy hâlde de muorre tusken ús by it gean.
Oan him en my komt uzes fan it fallen stient'.
Der binne bôlen by en guon binne sa rûn,
Dy moatte wy betsjoeene foar it lykwicht:
„Oant wy ús konten keare hâld jimme stil!”
Wy ha de fingers rou fan it opbouwurk.
O, it is samar wer in spultsje bûtendoar,
Elk oan in kant. It komt mar hjir op oan:
Dêr't er no is ha wy gjin muorreneed:
Hy hat syn din en ik bin appelhûf.
Noait stekke my de appelbeammen oer
En snaai in dinne-appel, ferdúts ik him.
Hy seit mar, „Goede stekken meitsje goede buorlju.”
De maitiid bringt ûnducht yn my, en ik tink
As ik it no ris yn syn harsens krije kin:
„Wêrom in skied foar goede buorlju? Is dat net
Foar lju mei kij? Mar wy hawwe gjin kij.
Foar't ik muorren bou wol ik wissichheid
Oer wat ik yn en bûten muorren slút,
En wa't dat tinkelik net haagje soe.
Der is eat dat net fan in muorre hâldt,
It wol him plat.” As ik „elfen” tsjin him sis,
Mar elfen binne it net, en better is 't
Hy seit it tsjin himsels. Ik sjoch him gean,
Oan kopske kanten stevich beet in stien
Yn elke hân, as in Stiennen Tiidrek-kriger.
Hy krûpt yn it tsjuster, as ik it sizze mei,
En net fan bjuster bosk en beammeskaad.
Hy wol net wike fan syn heite sechje,
En hy glimket dat it sa beslacht,
Hy seit it wer, „Goede stekken meitsje goede buorlju.”

Nei 't appelplôkjen

Myn lange twapunts ljedder wiist dêr yn in beam
De himel noch oan,
En ik ha in koer net folle ta beslút
Dêrnjonken, en miskien ha ik ien of twa
Appels hingje litten yn har klean.
Mar no is 't mei myn appelplôkjen út.
In rook fan wintersliep is yn 'e nacht,
Sa't appels rûke: dat ik dodzje yn.
Ik sit mar mei it sicht dat my beslacht
Fan it dyk'rjen troch in tin stik glês
Da 'k út de drinktrôch fiske oeren lyn
En foar de wrâld hold fol fergriize gers.
It teide wei, omdat it brekke woe.
Mar ik wie al
Yn djippe sliep hast fallen foar syn fal
En wist doe wol
Wat kânt it mei myn dreamen útgean soe.
Utfergrutte appels komme en wer gean,
Stamkânt en bloeiselkânt,
Mei alle brune plakken dy't mar bestean.
Myn tagongsbôge seit net inkeld pine oan,
Mar set de triemen spanning op 'e hûd.
De ljedder kipet as de tûke bûcht.
En út de kelderlike hear ik mar myn
Mei rommeljend lûd
Ferrûgele appelfracht dy komt deryn.
Want ik haw folle genôch
Fan appelplôkjen hân: ik bin tenein
Fan grutte rispingen mysels foarsein.
Tsien tûzen tûzen appels soe ik noch
Leavje yn 'e hân, hoedzje foar de fal.
Want al
Wat de ierde sloech,
Gjin noed oft it wûnen hie of rûchteplakken,
Moast wiswier nei de sider-appel heap
Oft it neat fan wearde joech.
Men begrypt watfoar makke
Hat dit myn sliepen út syn soarten yn.
Wie hy net wei,
De boskmarmot koe sizze oft it syn
Lange sliep beliket, op komst sa 'k sei,
Of samar minskesliep.

De houtsteapel

Deropút yn 'e beferzen sompe op in grize dei,
Stie ik stil en sei, „Fan hjir nim ik in kear.
Nee, ik wol fierdergean– en wy sille sjen.”
De hurde snie droech my, mei inkeldris
In foet dertroch. Alle linen yn it sicht
Giene op en del fan mannich tinne stam,
Tefolle itselde en neam namme of plak,
Men koe net sizze dat ik hjir wie of dêr,
Of earne oars: Ik wie mar in ein fan hûs.
In lytse fûgel seach ik fleanen. Hy besocht
In beam as skûl en toande my in glim,
En sis my mei gjin wurden wa't er wie
Dy't o sa dom wie, tinkend wat hy tocht.
Hy tocht dat ik syn fearke weinimme woe –
It wite yn syn sturt; as ien dy't nimt
Alles wat sein wurdt hiel persoanlik op.
In flecht fansiden hie wol dy dwaling oplost.
En dan wie dêr dy steapel hout en ik
Dy't him fergeat en liet syn lytse fear
Him delsette dêr en hâldt him mar beskûl,
En sûnder soks te sizzen as goenacht.
Hy skeat derachter as syn lêste protest.
It wie beltsjebeam, yn blok en spjalt
En steapele – útmetten, fjouwer by fjouwer by acht.
En net in ding gelikens koe ik sjen.
Gjin draverspoar yn snie fan it jier kaam derby.
En grif wie it âlder wurk as fan fan 't jier,
En sels ferline jier of it jier derfoar.
It hout wie griis mei de kromme skors derôf
En de steapel al wat skean. Klematis
Hie stringen deromhinne lutsen as wie 't in bondel.
Mar oan de iene kant kaam stipe fan in beam
Dy't groeide, en ek fan in stobbe en in staak,
En beide hast tenein. Ik tocht dat inkeld
Dyjinge mei altyd wer in nije taak
Koe sa ferjitte wat er dêr delset hie
Mei eigen hannen, en mei syn bileslach,
Fertoarkje litte wat nut hat foar de hurd,
Om 'e sompe no op te waarmjen wat it kin
Mei 't stadich reekleas baarnen fan 't ferfal.

Goede oeren

Ik hie foar myn rin op in winterjûn
Net ien om mei te praten fûn,
Mar ik hie it streekje dat dêr stie
Yn oant de ljochte eagen snie.

En ik tocht, ik hie it folk deryn,
Ik hie in fioele heech en fyn;
Ik hie troch de gardinen kykjes
Fan jonge foarmen, bliere pykjes.

Ik hie sok selskip fierdergeand.
Ik rûn oant dêr't gjin huzen stean.
Ik kearde yn berouwe, hoe wie dat,
Ik seach gjin rût mear of 't wie swart.

Oer de snie de kreak fan myn stap
Troch de slomjende strjitte mei in klap,
As ûnthilliging, as it mei,
Om tsien sei de klok nei in winterdei.

It net nommen paad

Twa paden wieken yn in wâld útien,
En spitich, oer beide koe 'k net fuort
As ien reizger, dat lang haw ik dêr stien
Om ien te bedjipjen nei't ik mien
Oant it bochte yn it giel strewelleguod;

Doe naam ik it oare, as like moai,
Mar dochs mei mear rjucht op myn dei,
Om't it gerzich wie en it woe emploai;
Al hie it ferkear nei rûge roai
Inselde slyt brocht oan 'e wei,

En beide leinen yn it moarnskoft klear
Yn blêden fan gjin stap al goar.
O, ik liet it earste foar in oare kear!
Mar ik wist fan wegen en sa mear,
En oait hjir wer hinne wie 'k net foar.

Ik sil dit ferhelje mei in sucht,
As ik oer iuwen en iuwen ried:
Twa paden wieken yn 't bosk, en sjuch –
Ik naam it paad dat rint net fluch,
En dat brocht alle ûnderskied.

Winternacht fan in âlde man

Alles bûtendoarren seach tsjuster by him yn
Troch de tinne froast, hast elke stjer apart,
Dy't fêstslacht op 'e ruten fan it leech fertrek.
Wat syn eagen ûntmoedige en stoarje werom
Wie de lampe tichtby, dy't trille yn syn hân.
Wat soarge dat him net yn 't sin kaam wat it wie
Dat hy yn 'e keamer moast, wie âlderdom.
Hy stie omjûn fan fetten – sa ferlern.
En nei't er earst de kelder skrikke liet
Yn it hinneklompjen, die hy dat noch in kear
Yn it fuortklompjen; en eangje de hoare nacht,
Dy't eigen lûden hat, fertroud, lykas wyn
Troch beammen, en tûkebrekken, sok in ding,
Gjin bare slaggen op in kelderlûk.
In ljocht, dat wie er inkeld foar himsels,
Hoe't hy dêr siet, te tinken samar wat,
In krimpjend ljocht, en dat dan sels net iens.
Hy wiisde nei de moanne, – sa't se wie,
Sa let noch kommend, – nei dy brutsen skiif
As gaadliker as de sinne yn alle gefal
En klei him oan, foar wite snie op it dak,
Syn iiskegel oan de muorre dy't bliuwt;
En sliepte. It houtblok ferskikte mei in skok
Oait yn de hurd, dêr skrilte en rille er fan,
En mei wat lichter siken sliepte er troch.
Ien âlde man – ien man – kin net in hûs,
In pleats, gjin plattelannen folje – is it wol,
Dan sil it wêze yn in winternacht.

Hyla Brook

Tsjin juny hat ús beek gjin sang en feart.
Dy't letter siket, treft him nearne oan:
Of hy taast noch ûndergrûns foartoan
(Dan naam er mei it hiele Hyla-hear
Dat oerlûd kikk're doe't it dizich wie,
In geast fan slidebel yn in geast fan snie) –
Of bloeit, en komt op yn 't springsied fan it jier,
It teare grien, dat oanblaasd wurdt en bûcht
Ek oarswei hinne as it wetter sûcht.
As bêd bliuwt oer in skierich fel papier
Fol deade blêden, droechbaarnd foar de sier –
In beekje, foar it ûnthâld noch fan belang.
Dat is dan, sa't men sjen sil, hiel oars wis
As mei de streamkes oareweis yn sang.
Wy leavje wat wy leafha om wat it foar ús is.

Bjirken

As bjirken bûgd nei links en rjuchts ta stean
Tsjin it raster fan rjuchter, swarter stammen yn,
Tink ik dat in jonge se swypkje litten hat.
Mar it swypkjen bûcht har duorjend net del
Sa't iisstoarmen dogge. Faken hast se sjoen,
Swier fan iis in ljochte winterske moarntiid
Nei in snjitter. Dan kreakje se tsjin elkoar
Op oantrún fan 'e wyn, en se fersjitte fan kleur
As beweging brekt en begekkt har tint.
Al gau lit sinnewaarmte de drippen fan kristal
Tikkend spatte en spetterje op it snietek –
Safolle diggelguod oan kant te dwaan,
Datst miene soest it spant fan 'e himel wie fallen.
Se wurde nei de toarre rintfear treaun troch de fracht,
En lykje net te brekken, mar binne se bûgd
Sa lang en djip, dan kinne se noait wer rjucht:
Men sjucht har bôgemeitsjen faaks yn it bosk
Wer letter, achter har blêden oan op 'e grûn,
Sa't famkes op hannen en knibbels har it hier
Foardel te droegjen smite yn it ljocht.
Mar wat ik sizze woe, foar't Wierheid kaam
Mei al syn feitlikheden oer de iisstoarm:
It leafst liet ik in jonge it bûgjen dwaan,
As hy derút en yngie en helje de kij –
In jonge te fier fan 'e stêd foar basketbal,
Dy't inkeld boartsje koe mei wat er oantrof,
Simmer of winter, en hy boarte allinnich.
Ien foar ien betwong er syn heite beamt',
Hy ried derop, en hieltyd en hieltyd mar wer,
Oant hy de stivens út har weinaam hie
En allegear hongen slap, net ien bleau oer
Om it fan te winnen. Hy learde wat er koe
Oangeande it belang fan in net te betiid begjin,
Oars rekke de stam fan de beam allinnich mar
Lyk tsjin de grûn. Hy bleau altyd skerp
Yn 'e boppeste tûken, syn hoedene klim
Krige de soarch dy't jûn wurdt oan in kop
Te foljen oant de râne, en folle noch.
Dan skeat er, earst de fuotten, mei in swyp,
Skonkswaaiend fûn er de loft en doe de grûn.
Sa wie ik ienris sels in swinger fan bjirken.
En dêrom dream ik derfan en wurd dat wer.
Dan bin ik ôfmêde fan 'e konsideraasjes,
En it libben is folle in bosklân sûnder paad
Dêr't read dyn gesicht is en it kitelet fan reach
Dermei beplakt, en it iene each dat gûlt
Fan 'e hurde tik, dy't niis in twiich derop joech.
Ik soe fan 'e ierde gean wolle foar in skoft

En dan werom te kommen foar in begjin.
Mei it lot my wittens net jaan syn misbegryp
En heal jou wat ik wol en nim my dan wei
Sûnder werom. Op ierde is leafde te plak:
Ik wit net wêr't it oars dan better gean soe.
Ik soe gean wolle mei in klim yn in bjirkebeam,
En klim de swarte tûken yn oant de sniewite stam,
Himmel-op, oant de beam it langer net hâlde koe,
Dan dippe 'r de kop en sette 'r my wer del.
Fuortgean en weromkomme wiene beide goed.
Men kin 't minder dwaan as in swinger fan bjirken.

In tún foar in famke

In buorfrou fan my yn it doarp
Praat sa graach oer in maaiedei
Doe 't sy in boerefamke wie,
En bernliks sei.

Sy frege doe har heit
Wat túngrûn har te jaan,
Om sels te stean foar groei en bloei,
En hy sei: „Mar dwaan?”

Hy pyk're wat oer in plakje
Dat hy te lizzen wist,
Ommuorre grûn dêr't in hûs stien hie,
En hy sei: „Dat is 't.”

En hy sei, „Dan silst it meitsje ta
In ien-famkebuorkerij,
Sadat dyn tinne famkesearm
Krijt wat krêft derby.”

It wie in tún net grut genôch
Sa't heit sei, foar de ploech;
Alles wachte op har warbere hân,
Dêr't se neat om joech.

Sy kroade dong foar bare grûn
Dêr ûnder beammeprecht;
Mar se flechte altyd healwei en liet stean
Har stjonkende fracht,

En se krûpte foar alleman fuort.
En dan smeke sy it sied.
Sy seit dat sy de grûn útsong
Fan alle sang in liet.

Bergen fan ierdappels,
Radyskes, earte, slaad,
Tomaten, biten, beane, weet
En sels fruitferskaat.

En ja, sy hat net leauwe wold
Dat dy sider-appel
Dêr yn 'e hoeke harres is
En gjin oarmans snabbel.

Har risping wie in allegaar,
Dat, hoe't men it hâldt of keart,
Fan alles hannenfol wie,
En folle mear fan neat.

As sy no doarpse dingen sjucht –
En elk doarps ding dat wit it –
Seit se, krekt as it goed gean sil
Mei klam, „Sa sit it!”

„It is lyk as doe't ik buorke...”
O net bedoeld as rjuchte lear!
En fansels fertelt se it teltsje noait
Oan ien in twadde kear.

Bûtenletten

As wy it hûs behâlden foar de nacht,
Dan bleau it blomte foar wat rein
Stean ôfsnijd fan it keamersljacht.
In kear dreamde ik de foardoar skeind
As fan mouweknoopkes oer myn brieven,
De blommen stienen bûten by de dieven.
Al kaam nimmen har tenei!
Wol lei dy iene wetterkers
Oer it paad mei al it bledte wei.
Wat miskien myn skuld wol wie:
'k Ha altyd tocht dat it west ha kin
Sa'n boartersblom fan my as ik siet
Te skym'rjen nei de ôfgeande moanne.

De sensus-amtner

Ik kaam mei boadskip yn 'e kâlde wyn in jûne
By in plaathûs, mei swart papier beklaaid,
Mei in fliering en in finster en in doar,
De iennichste wente op in hoeke braak
Mei hûndert hektare deromhinne yn de bergen:
En dêr't net ien doe tahold, man of frou.
(Bewenne wie it noait, oars, troch froulju,
Dat wêrom meitsje ik dêr wat spitichs fan?)
Ik kaam as sensus-amtner nei dat gea
Om koppen te tellen, en ik trof net in minsk,
Nimmen yn hûndert milen, leech it hûs
Dêr 'k earder kaam mei hope, safolle net,
Mar legens bonket út oant op de stien,
Sit men oeren op 'e lúster op in klif.
Ik murk net ien mei lef en lit him sjen,
Net ien dy't net skûle foar it frjemde each.
De tiid fan it jier wie hjerst, mar wa dy't wit
Wat dát dan is, as suver elke beam
Mei blêden om falle te litten sels al omleit,
En mear as in stobbe bliuwt der net fan oer,
Syn ringen priisjaand op in sûkertoan;
Neist elke stam stie in ferrotte beamsears,
Mei net in blêd te geef mear foar de hjerst,
Gjin tûke mear foar it fluitsjen nei de skuld.
De wyn hoecht net te sykjen om 'e help
Fan rûzjend beamt' en sis wat oer de tiid,
Op jier en dei, doe't hy mei doarren sloech
Foar altyd út 'e klink, as wiene bargaen
Deryn kaam, de doar tichtsmitend elk foar oar,
Oant wer mar ien himsels doe iependie.
Ik telde njoggen dy' k net telle mocht
(Mar dit wie dreamerich net-offisjeel tellen)
En doe de tsiende dy 'k oer de drompel holp.
Wêr wie myn iten? Wêr wie it fan elkenien?
Gjin lampe wie oan. Op 'e tafel stie neat.
De hurd wie kâld – wie fan de skoarstien ôf –
En hong oan ien kant bryk en miste in poat.
De lju mei safolle leven saniis by de doar
Wiene minsken foar it ear, mar foar de eagen net.
Se sieten net mei de earmtakken op 'e tafel.
Se sliepten net op planken fan in sliepbank.
Ik seach gjin minsken en gjin minskene bonk.
Ik warde my tsjin alle biente noch op komst
Mei de ierdeswarte stomp fan in bilestâl
Dy 'k opkrige fan de striebestrude flier.
De rattel, fan bonken net, mar fan 't krap rût.
De doar wie stil, want ik hold him ticht,
Betinkend wilens wat my dwaanlik wie –

Oan it hûs – en oan de minsken fuort fan hûs.
Dit hûs yn ien jier tiid al yn ferfal
Joech my net minder pine as de oare huzen,
Fallen yn pún yn tsien kear tûzen jier
Dêr't Azië Afrika ôfspjalt fan Europa.
Neat wie noch te dwaan, sa't ik wol seach,
Behalve melde dat hjir nimmen wie
En sis tsjin 't klif te fierwei foar wjerlûd,
„It hol is leech, en wa't der oars oer tinkt,
Yn stilte, moat by gefal er neidiel hat
Syn stilte no brekke, of swij oars foar altyd,
Mar opsprekke, as it sa net fêstlein moat.”
De mankelikens dat men telt út needsaak
In leger tal fan sielen nei in jier,
Is ekstreem as it krimpt nei hielendal nul.
Ik moat it libben wolle, om troch te libjen.

Op in hôf yn ûnbrûk

Gjin deaden lûkt dit terphôf mear.
In libbene komt en trêdt troch it gers,
Oer in hôf dat lûkt dy't libje 't bêst,
En lêst it opskrift fan de dea.

In grêfstien meastal seit en seit:
'In libbene komt hjir dizze dei
En lêst de stien en wurdt dan wei.
Moarn komme de deaden my wer nei.'

Sa wis fan dea is moarmers niid,
Mar it moat wol achtslaan hiel de tiid,
Dat gjin ferstoarne brekt de ban.
Wat is it, dêr't minsken skrilje fan?

No kin men hinnegean wat bizich
En sis de stien: Se wolle net dea,
En stoppen it stjerren doe foar ivich –
Want stiennen leagens leaut dit gea.

Rûgelsnie

En hoe't in krie
Bestruide doe my
Mei stof fan snie
Fan 'e sparbeam frij

It joech my yn 't hert
In rûgel wyt
En rêde sa krekt
'n Deipart fan spyt.

It doel wie sang

Foar't it minskdom kaam en blaas it goed,
Blies nei syn eigen tier de wyn
Al op it lûdst de rûchte oer,
By nacht en dei de beuk deryn.

De minske seach it, en sei him strang:
Hy wist net wêr't er blaze woe;
Hy blies te hurd – it doel wie sang.
En hark! – hoe't it hearre soe!

Hy naam in mûlfol byt him út
En hold dat sa lang yn, dat noard
Bekeard hast wurde koe ta súd,
En blies it wei as in akkoard.

Bemetten. Dat wie wurd en noat,
Sa't wyn de wyn bedoeld ha kin –
Lâns kiel en lippen, dat it spoart.
It doel wie sang – de wyn soe 't sjen.

Stilstean by wâld op in snieïige jûn

Waans wâld dit is tink da 'k ferstie.
Tocht dat syn hûs yn 't doarpke wie;
Hy sil 't net witte da 'k hjir hâld
Om nei syn bosk te sjen fol snie.

Myn hynke tinkt wat is it kâld
Wylst flokken falle mannichfâld,
En fan in stâl is neat te sjen
Yn 't tsjuster tusken poel en wâld.

Hy lûkt oan 't beltúch sa't er kin
As frege 'r nei in frjemd fersin.
Gjin lûden fierder te ferstean
As snie dy't falt en wyn dy't stint.

De bosk hat my syn dûnker bean,
Mar ik sil foar myn wurden stean
En moat noch fier foar 't sliepen gear,
En moat noch fier foar 't sliepen gear.

In stream yn 'e stêd

De boerepleats bliuwt hingjen tsjin syn sin,
Oerbleaun yn in nijbouwyk dy't him
In nûmer jout. Mar hoe is it mei de beek
Syn grip op oait de sierstien fan 'e streek?
Ik freegje it, want ik koe de beek, syn krêft
En oantrún, dêr hie ik in finger yn op 't lêst,
Hy knokkelboarte, wylst ik joech in blom
Him mei, fan stream en tsjinstream eigendom.
It greidegers koe op it groeiersmêd
Wol del-seminte ûnder in stiennestêd;
De appelbeammen bûgden nei de flam.
Wie 't wetter willich, sa tsjinstber oan 'e stam?
Hoe rekket oars men sa'n natuerkrêft kwyt,
Net langer nuttich? Stjelpe oan it begjin
Mei stoarte sintels, sa't soks kin?
De beek ferdien
Oan djippe rioelekelders ûnder stien,
It stjonkend donker yn, en fierdergeand –
En nearne hie er skuld oan yn 't bestean,
Ja – gjin aan ha, doe't it krapper waard.
Allinnich ik en in antike kaart
Ha fan him weet. En wie 't no sa'n wûnder,
Dat doe't men it beekje treau foar altyd derûnder,
It idee net opkaam, en nimmen begriep,
Hy soe de nijstêd keare fan wurk en sliep.

Sykje om in winterfûgel tsjin 'e jûn

It westen mindere al mei it goud,
De wyn befrear oer froastich hout,
In snierin thúsweis waard ik kjel,
Ik tocht in fûgel dy striek del.

By 't simmer alris op dat plak,
Doe joech ik each en ear gerak;
In fûgel dy't in ingel wie
Song flot my ta, wis en swiet.

Gjin fûgel song no yn 'e strûk.
In oerbleaun blêd hong oan in tûk',
En fierder koe it each net gean,
As slûp wol twaris om 'e beam.

Tanksij myn stânplak op in spjeld
Wist ik dat sa'n kristallen kjeld
Mar inkeld froast oanbringt op snie
As skyn oer skier dat ljochter wie.

In boarstel liet in smoarge streek
Of fan in wolk, of oars fan reek,
Dy gyng oer 't blau fan noard nei súd;
In lytse prykstjer rêde 'm derút.

De needsaak fan ûnderfining bûtenút

't Ferdwûne hûs hie yn dy nacht
Opnij wer glâns fan jûnfal brocht.
Allinnich de skoarstien stie noch oerein,
In stimper, dy't om bledsjes socht.

It skuorke oan oare kant de dyk –
Dat hie ek opgean kind yn fjoer,
Op lúm fan wyn – it wie der noch
en meldt de namme fan syn boer.

Net langer hold it doarren wiid,
Al wachtsjend oan it stiennepaad
Op 'e flierklop fan it hynderspan,
As simmer komt yn opers' klaad.

It fûgelt' fleach en struts wer del
En kaam troch 't rût deryn en gie;
Har tsjetterjen like op ús sucht
By it drôgjen oer wat hjir bestie.

Mar nagel stie foar har yn 't blêd,
En d' âlde yp, teskeind fan 't fjoer;
De putpomp hifke in brike earm;
It túnstek hongen triedden oer.

Fan 't folkje hie net ien 't benaud:
It wie bannich mei it nêstgegriem.
Men moast fan 't bûtenlibben witte
En leau net dat de sjonger skriemt.

Kunde oan de nacht

Ik wie in man mei kunde oan de nacht.
Ik rûn yn 'e rein derút– kaam thús yn 'e rein.
Ik rûn foarby it fierste strjitteljacht.

Ik haw ek sjoen nei it trystichste baansein.
Ik kaam de wachter tsjin, man fan 'e klok
En sloech de eagen del, en haw neat sein.

Ik sette stil it lûdzjen fan myn sjok
Doe't fierder fuort in ûnderbrutsen skreau
Kriet oer de dakken fan in huzeblok,

Mar net in beltsje efkes wêr't ik bleau;
En doe, ferljochte tsjin in wolkefracht,
In klokketoer sloech frijwat djipper kleau,

Om't de tiid net syn gelyk beslacht.
Ik wie in man mei kunde oan de nacht.

Oer 't tafallich opsjen nei it stjerte

Do silst lang, lang wachtsje op wat oars
As it driuwen fan 'e wolken troch de loft
En it Noarderljocht syn simm'lige stoarm.
Wol kruse sinne en moanne, mar misse inoar,
Noch baarne inoar mei fjoer, of falle út 'e kloft.
Planeten krije tuskenbeiden foarm
Mar neat dat fierder bart, der is gjin skea.
Wy libje better wat ferduldich troch,
Sjugge oarswei hinne as de himelsfear
Foar skok en kreak, om sûn en bliuw oerein.
Jawis, de langste droechte sil kwine yn 'e rein,
De langste rêst yn Sina keard yn ûnnocht.
Mar better dat de weitser gjin sliep fersteckt
Yn 'e hope dat de slomme fan it stjerte brekt
Op syn wacht just, en op syn persoanlike jacht.
Dy evenredigens duorret wiswier fannacht.

Twa swalkers yn 'e moddertiid

Twa út 'e modder lutsen frjemden seach ik,
Sy seagen it houthakkersstof yn myn burd,
En ien fan har brocht my fan myn stik,
Te roppen froalik: „Slach dan hurd!”
Ik wie der aardich wis fan dat er soe
De oare foargean litte yn it fjild.
Ik wie aardich wis fan wat er woe:
Hy woe myn houtsteapel hakke foar jild.

Ik spjalte blokken iik ûnfoech,
Yn trochsneed de mjitte fan it hakblok;
En stik foar stik da 'k botwei sloech
Foel del mei stof en splinter yn it sok.
De slaggen, dy't in libben as gehiel
Sparret foar it slaan fan it miene goud,
Dy dei, iepen foar myn siel,
Spansearre ik oan it pruts'rich hout.

De sinne wie waarm, mar de wyn wie kâld,
Men wit hoe't it is mei in aprilledei,
As de sinne útdien is en de wyn is âld,
Men is in moanne fier fan mids maaie wei.
Mar doarst it oan en jou mar in kik,
Dan toant in wolk de sinne syn troefkaart,
Dan komt der wyn fan in beferzen stik,
En it is twa moanne earder – midden maart.

In klyster strykt del yn syn sêfte fal
En skikt yn 'e wyn om 'e fearren glêd.
Syn sang op hichte makket net oeral
Mar in blom al yn it earste blêd.
It snijt in flok; en heal wist er it nou:
Winter hie noch wille yn 'e knoei.
Allinnich nei de kleur sjoen is er blau,
Mar hy soe gjin ding oansette ta bloei.

It wetter dat ús gauris stjoert op 'e siik
By 't simmer, mei ús wichelboel,
Yn alle weinspoaren is 't no in kriik,
Yn alle hoefprinten stiet in poel.
Wês bliid mei wetter, mar noait ferjit
De gnuvende froast dy't de grûn ynwosk,
Dy't deryn omgraait as de sinne ûndergiet
En toant op 't wetter syn kristallen tosk.

De tiid, doe't ik it meast hold fan myn taak,
Wie leaver my noch no't twa ferdiel
My kamen te freegjen mei har fraach.
Men soe hast tinke, ik hie noait earder field
It gewicht fan it ophyfd bileblêd,
Fan sprate fuotten op 'e grûn de grip,
It spul fan spieren, dy't spanne rêd
En noflik en fochtich yn foarjiers swit.

Ut 'e bosk twa keardels op 'e swalk
(Dy't God wit wêreane sliepten fannacht,
Mar earder wol by it houthakkersfolk).
Alle hakken wie harres, wie har klacht.
Mannen út it wâld en fan de kap,
Se metten my ôf oan it ark har bestoarn.
Allinnich oan in man syn bileklap
Werkenden hja it ûnferstân.

Neat fan beide siden waard sein.
Hja bleaune mar stean oan 'e kant
En hiel har tinken waard yn my lein:
Dat ik yndie it rjucht net hie, want
It wie har fertsjinst, foar my mar spul.
Har rjucht wie need, myn't wat kliens,
En om't it lykwicht wol nei nul
Wie harres better rjucht – mei iens.

Mar mient men har skieding is in boppeslach,
Mear ienheid bringe is myn libbensplicht,
Myn ropping en ek myn opdracht:
Myn beide eagen meitsje ien foar 't sicht.
As leaf en need terane yn ien,
En it wurk is spul op libben en dea,
Wurdt oait de died ek werklik dien
Om Himel en om alle takomst bea.

Yn tiden fan wolkbrek

Sjuch dy stoartbui fannejûn!
Hy wol my út it stee
En bringt myn kroadfol túngrûn
In bytsje tichter by de see.

It is de wrâld-âlde wei fan 'e rein,
Ast 't hast oer berchboers hea,
Te dwaan oan it ryk foarsein
Alfêst in bytsje skea.

Dochs is de skea net wis,
Want as alle rykdom my jûn
Uteinlik earmoed is,
Mei't myn tún ferdwûn,

Dan sil in krêft oan it wurk,
En toppen sette splis,
En seegrûn hifkje nei it swurk,
Oant ierde' delling keard is.

Dan is it foar my saak
Om nei de oare kant ta,
Da 'k op nije stikken braak
Wer nije hope ha.

En roastich-âld ark fan my
Sil opdûke troch de ploech,
't Ferstienne hâldfêst derby
Dêr 'k earder kluten mei sloech.

Lit myn wurkoeren hjoed,
Sûnder ein yn rippetysje,
My net litte sûnder moed
En stúmsk oer minskene kondysje.

Net hiel sosjaal

Guon fan jimme sille bliid wêze da 'k it die,
En de oaren wolle gjin ál te bestraffing
Om eat dat, hoewol't nimmen it ferbiedt,
Net oanbefelle wurdt as in ferrassing.

Om my no wreed te straffen wie net goed,
En inkeld om't ik toande in bewiisplak:
De stêd syn grip op in minsk is sa froed
As syn muorren heech binne boppe it dak.

Jim meie my skimpe, dat ik net fleane kin.
Jim ha my no, mar ik jou mysels te lien.
Begryp komt mei 't yn 'e sinne sjen.
Ik wol net de sel yn, as hie 'k wjerstribbich stien.

En elkman hat it frij en wol my dea,
As natuer de oanwiisde beul is foar 't fûnnis.
Oan 't mienskiplik stof wij ik de lea
En skok de deademunt fetsoenlik as 't rûn is.

Iris yn 'e nacht

Inoars gids, in dizige jûn, fûnen wy de wei
Al taastend omdel, in kling yn 'e Malvern mei
De lêste greiden en drippende hagen nei hûs.
Der wie ek efkes in betiizjend ljocht,
Itsoarte dat, sa't men yn Rome rûsd',
Fanâlds de hichten boppe Memphis socht,
Foardat de fragminten fan de sinnestien
Fergearre koene, en rize wer as ien.
Ljocht wie pigment dat yn eagen mocht.
En dat noch mei in moanne en in tafriel,
Sa wett'rich, dat it like submaryn;
Wy twaën stiene dêr yn, fersêde, ferrûn.
It klaver-en-kraal fertyske op 'e grûn
Naam folop wetter foar de dauwe mei,
En likegoed, de loft hie fan wetter wei,
Syn luchtdruk kaam ûnder swierder bekoar.
En in lytse reinbôch like in traaljepoart,
In lytse moanne-makke prismabôch,
Stie tichtby oer ús hinne, om dertoch.
En doe waarden wy fereare mei in wûnder,
Dat noait, oan no ta, kaam oan oare twa
En ik allinnich libje, en sis it sa.
In wûnder! Bôch en reinbôch no ferbûgd,
Giet net op reis mei ús en wat ús foecht
(Om 't feilich stellen fan 'e potten mei 't goud),
It hifke fan it bedauwe fronton wat neat woech:
De twaderlei tinkelbûnte sfear,
En fergearre dy, en brocht dy yn in ring.
En wy stienen yn 'n stil sirkeljend gebou,
Net pleage fan it skied dat tiid of fijân bringt,
Ferdjippe yn in keazen freonepetear.

Kom deryn

Doe kaam ik by de seame fan it wâld,
'n Klystertoan – in pracht!
Mar sa't it twiljochte bûten,
Dêrbinnen wie it nacht.

It wie tsjusternôch foar in fear
Fan hege rang
En skik him in plak foar de nacht,
Al hie 'r hieltyd sang.

It lêste fan it sinneljocht
Dat westlik doe te stjerren doarst,
Libbe noch om ien liet mear
Ut in klysterboarst.

En djip yn 't stammich swart
Dy toan gie nei de nacht,
It wie suver in 'kom deryn'
Oan tsjuster en klacht.

Mar nee, ik soe stjerren sjen;
Ik woe dat paad net ha.
Ik bedoel, al wie 'k frege net,
En dat wie net sa.

De tocht fan de pearskersierden

Ik fiede ûnderfuotten fan greide de kjeld
Mar hie de sinne yn 'e kop;
En flarden fan sang en fers oer dit hjir affêr,
Dy song ik, of sei ik op.

Ik rûn troch elzeleanen myl nei myl
In stik út 'e brink;
De dei hie dage foar it bloeiend blomt',
Mar ik seach gjin wink.

Wer fierder rûn ik, foar de seine út,
Want yn it gers siet feart;
Ik rûn oant it paadsje fan 'e smelle foks,
Dy't weiwaard yn 't neat.

Doe op it lêst, en folgjend dat spoar, fûn ik,
Hy die it der om
Mei kleuresjitten oer 'e blêden, it wie –
De fier sochte blom.

Dêr pronken pearske spitsen, mei gjin fleach
Of it dwile bijegeflean
Om har te steuren op har libbensdei
Dêr ûnder de elzebeam!

Ik knibbele del, en treau in tûke wei,
Seach, of foar 't meast
Telde ik elke knop dêr yn 't koop'rijend djip,
Bleek as in geast.

Doe kaam ik oerein en swalke stil nei hûs
En ik wist mear,
Ik sei dat hjerst fleane soe mei twirreblêd,
De simmer wie klear.

Oanwizing

Achter alles wat foar ús tefolle is,
Werom nei simpeler tiden fan ferlies,
Details, mar ôfbrutsen, oplost en ferbaarnd
As op in grêfstien oantaast troch it waar,
Dêr stiet in hûs, dat net mear is in hûs,
Dêr by in pleats, dy't net mear is in pleats,
Dêr yn in doarp, dat net mear is in doarp.
Dêr rint in stiendyk, en ast dy gidse litst
Troch immen, dy't dy op 'e doele bringt,
Soest tinke it hie in stiengat wurde sild –
De knibbelstikken út it monolyt
Fersjout it doarp yn 't echt al lang net mear.
En yn in boek te finen is it ferhaal derfan:
Net inkeld iiz'ren tsjillen joegen slyt,
De linen binne súdeast-noardwest oait lein,
In gletsjergigant fersoarge it beitelwurk,
Foar grip de skonken ôfset tsjin de poal.
Moatst gjin beswier ha tsjin in koele blik,
Noch ompûkjend diskant Panterberch.
En ha gjiin freze foar it werhelle oardiel
Fan eagen achter fjirtich ris in rût,
As gluorken fjirtich pearkes út har fet.
Oer wâlde opteine lûden oer dyn komst,
De rissels, dy't er rûzje lit troch 't blêd,
Dat binne mar de flaters fan begjanners.
Wêr wienen hja, gjin tweintich jierren lyn?
Hja meitsje wyn, hja ha yn skaden set
It âld en spjucht-oanfretten appelbeamt'.
Begjin dêr dan in froalik ferske oer,
Dat dit in dyk fan 't wurk nei hûs west hat
Foar ien dy't faaks in eintsje foar dy út rint,
Of kreakjend wegen giet mei in weinfoel weet.
It hichtepunt fan 'e omgong is it punt
Op it lân dêr't twaderlei fan doarpskultuer
Yninoar ferfaagje. Beide no wei.
En ast ferdwaald genôch bist om dysels
Te finen, lûk de ljedderdyk dan yn
En set op in buordsje TIGHT mar net foar my.
En doch dan krekt oftst thús bist. It iennichst fjild
Dat oerbleaun is: net mear as in rau plak.
Earst komt it poppehûs dêr't men yn leaut,
En it diggelguod foar ûnder in dinnebeam,
De boartersdingen yn it boartershûs.
Skriem mar foar de lytse dingen fan 'e bern.
Dan foar it hûs, dat net mear is in hûs,
Mar inkeld in seringe-omslingere hol,
No stadich útflakjend as in dûk yn daai.
Gjin poppehûs wie it, mar in werklik hûs.

Dyn bestimming, en fortún derby,
Is it beekje dat it wetter brocht nei 't hûs,
Kâld as in stream noch tichteby syn wel,
Te heech en orizjineel foar grutte grym.
(Bedeltestreamen, witte wy, kinne ek
Fol raffels hingje in stikel of in toarn.)
Ik ha my weibrocht achter it hege krop
Fan in âlde siderbeam by 't beekbêd,
In brutsen beker, of de Hillige Graal,
Dy't betsjoad is; ferkearden rinne him mis,
Hy wurdt net rêden, Markus seit dat net.
(Ik stiel it kopke út it poppehûs.)
Dit binn' dyn wetters, dit dyn wetterplak.
Drink en wurdt wer hiel foarby de skrik.

In net fersegele brief yn ús rurale brievebus

Dyn waakhûn bile woest fannacht,
Do kaamst derôf, mei ljocht op slach.
It wie net ien dy't skea woe just.
Nee, net, yn dyn rurale bus
Dit briefke sûnder segel hest
En ik sis dy, it hat in swalker west,
Kampeardjend yn dyn tún mei in fles.
Dêr, útmikt as de pit fan skoppen,
De spar liet suites iepen boppe,
Sa ynoarder, dat yn alle swart
Fan nacht it like in park sawat.
Dêr keas ik út en slûgje wei
Wat ûnder 'n lege jeneverbei
Dy't as in tekken oer myn kin
Foar waarmte wie in grut gewin,
Dochs liet my frij it each yn each
Fannacht dat nei de kosmos seach.
't Kin wêze dat de klok sloech ien
Doe't ûnder my in flak fan stien
Him fiele liet yn 't gers al lang,
My samar wekker makke en bang
Te draaien of ferweech in tean,
Of waarmte soe ferlern wer gear
En noait soe 'k waarmer wurde as stien.
Doe waard de grutste fjoerbal ien,
Teraande twaderlei fan stjer,
Ferdwûn yn 'n flits nei wa wit wêr
En hie dyn reizgjend astrolooch
Fan dizze bjustere pylk-en-booch
Oan Himels stevich firmamint
Himsels it iennichst ekwivalint
Allinnich yn 'e holle. Yn it brein
Twa oantinkens hienen lang al lein
No trillen nei inoar ta, mei lip-
Kontakt, en twa ferlearen grip,
En it wie my tel doe sinnekleur
Wat it minskdom wist noch net en mear.
O graach, mien net da 'k mar wat klets,
Ferjou my as ik miskien swets.
Miskien hasto, myn gasthear, sjoen
Ek oait by nacht yn dyn gedoent'
Hoewol faaks troch in skierich glês
Wat ik yn 't himelteken lê.
Elk ken syn eigen ynsjoch 't bêst.
Dyn kânsen hasto grif wol hân
En mannich foarfal op dyn lân
Foel foar en hasto sjoen, is 't net
Yn 't útsliepen, dan by 't bûterfet

Fan 't knappe buorkjen – ridlik knap.
En it is om't ik it moat foar in part
Yn forma pauperis foar de wet,
Da 'k dy dit yn in briefke set.

It wurkhynder

Mei in lampe dy't net baarne woe
Yn in al te âlde wein riden wy,
In te swier hoars derfoar,
Troch in ierdeswarte beamkerij.

En in man kaam út it beamt'
En krige it hoars beet by de lea,
En socht hâldfêst oan in rib,
En mei opsetsin stuts him dea.

Dêr foel it stadich hynder del
Mei in kreak fan 't knapte beach.
En de nacht teach troch it wâld
Yn in lange, ûnnoflike fleach.

As gjin oar neat-freegjend pear
Dat oait him ploaide nei 't lot,
En net fan doel en skriuw ta
Oan hate mear as samar wat,

Wy stimden yn dat dizze man,
Of immen dêr't er harke nei,
Dy woe ús hawwe op 'e grûn
En rin de fierdere wei.

Opfjefte fan boarnen

A Boy's Walk (David Nutt, London 1913)

Ghost House

My November Guest

A Late Walk

North of Boston (David Nutt, London 1914)

Mending Wall

After Apple-Picking

The Wood-Pile

Good Hours

Mountain Interval (Henry Holt & Co., New York 1916)

The Road Not Taken

An Old Man's Winter Night

Hyla Brook

Birches

A Girl's Garden

Locked Out

New Hampshire (Henry Holt & Company, New York 1923)

The Census-Taker

In A Disused Graveyard

Dust Of Snow

The Aim Was Song

Stopping By Woods On A Snowy Evening

A Brook In The City

Looking For A Sunset Bird In Winter

The Need Of Being Versed In Country Things

West-Running Brook (Henry Holt & Company, New York 1928)

Acquainted With The Night

On Looking Up By Chance At The Constellations

A Further Range (Henry Holt & Company, New York 1936)

Two Tramps In Mud Time

In Times Of Cloud Burst

Not Quite Social

Iris By Night

A Witness Tree (Henry Holt & Company, New York 1942)

Come In

The Quest Of The Purple-Fringed

Steeple Bush (Henry Holt & Company, New York 1947)

Directive

An Unstamped Letter In Our Rural Letter Box

In The Clearing (Holt, Rinehart & Winston, New York 1962)

The Draft Horse

